

13-05-2021 (Fryske tsjinst)

OARGELSPYLJEN

**WOLKOM EN MEIDIELINGS TROCH DE ALDERLING FAN TSJINST
IT OANSTEEKEN FAN 'E PEASKEKEARS?**

YNTOCHTSLIET: 902:1,2,3 EN 6

1.) Stiet God mar oan myn side,
wat haw ik dan noch tsjin?

En wa kin my ûntstride,
dat ik syn eigen bin?

As sok in machtich Heare
my yn syn leafde heint,
wa minske kin my deare?
Gjin fijân dy't my skeint.

2.) De grûn fan myn betrouwen
is Kristus en syn bloed;

'k haw neat om op te bouwen
as Him, myn ivich goed.

Wat ik mysels net jaan koe,
wat nimmen hjir betocht,
hat troch wat Kristus dwaan woe
my al Gods leafde brocht.

3.) Syn hill'ge Geast fan boppen
wol wenje yn myn hert,
leart my it 'Abba' roppen,
ferdriuwet myn soarch en smert.

It sied fan syn genede
wurdt ryp fan dei ta dei.
Ferfolle fan syn frede
gean ik myn libbenswei.

6.) Hjir moat my 't hert fan tille,
dit driuwt de drôvens wei;

ik sjong fan kleare wille,
'k sjoch inkeld ljochtskynde.

Dy gouden glâns, dy sinne,
myn heil, myn liet, myn ear',
is Kristus, Hy allinne,
myn Heilân en myn Hear.

FOTUM EN GROET

Foargonger : Us help is yn de namme fan de Hear

Allegearre : DY 'T HIMEL EN IERDE MAKKE HAT

Foargonger : Doch ús Hear jo wegen te witten

Allegearre : EN LEAR US JO PADEN

Foargonger : Want Jo binne de God dy 't ús útrêdt

Allegearre : OP JO WACHTSJE WY

KYRIEGEBED

GLOARIALIET: 661:1,2,3,4,5 EN 6

1.) Fier no dat Kristus opfearn is, halleluja,
Hy dy't ús Hear en kening is, halleluja!

2.) Hy sit oan Heite rjochterhân, halleluja,
hearsket oer himel, see en lân, halleluja!

3.) Sjoch hoe't no yn ferfolling giet, halleluja,
wat yn de psalm fan David stiet, halleluja!

4.) De Hear ferlient syn majesteit, halleluja,
oan Davids Soan yn ivichheid, halleluja.

5.) Wy sjonge Kristus lof en ear, halleluja,
en loovje Him en syn regear, halleluja!

6.) Oan God trij-ienich hearlikheid, halleluja,
wy priizgje Him yn ivichheid, halleluja!

FOAR JONG EN ALD

GEBED BY IT IEPENJEN FAN DE SKRIFT

SKRIFTLEZING: HANNELINGEN 1:1-11

¹Yn myn earste boek, Teófilus, haw ik beskreaun wat Jezus fan it begjin ôf allegearre dien en de minsken leard hat, ²oan 'e dei ta dat Er opnommen waard. Dy deis hied Er oan 'e apostels dy't Er útkeazen hie, troch de hillige Geast syn opdrachten jûn. ³Oan dy apostels hied Er Himsels ek nei syn marteldea wit-hoe-faak sjen litten as bewiis dat Er yn libben wie; fjirtich dagen lang is Er oan harren ferskynd en hat Er mei harren praat oer it keninkryk fan God. ⁴Hy siet mei har oan tafel en doe joech Er harren te hâlden: 'Gean net út Jeruzalem wei, mar wachtsje op wat myn Heit tasein hat, lykas jimme dat fan My heard hawwe. ⁵Want Johannes hat de minsken wol mei wetter doopt, mar jimme sille mei de hillige Geast doopt wurde en dat sil noch mar in pear dagen oanhâlde.'

⁶Doe't se dêr sa byinoar wienen, dienen se Him dizze frage: Hear, sille Jo yn dizze tiid foar Israel it keninkryk wer ynstelle? ⁷Doe sei Er tsjin harren: 'It komt jimme net ta, de oeren en tiden te witten, dy't de Heit frijmachtich fêststeld hat. ⁸Mar jimme sille fersterke wurde troch de hillige Geast dy't oer jimme komt, en jimme sille myn getugen wêze yn Jeruzalem en yn hiele Judéa en Samaria en oan ierdryks einen ta.'⁹Doe't Er dat sein hie, waard Er foar har eagen opnommen; in wolk naam Him wei út har eachweid.¹⁰Se dikerren nei de himel, wylst Er by har weigong; en dêr stienen ynienen twa manlju by har yn wite klean;¹¹dy seinen: Jimme Galileeërs, wêrom stean jimme dêr sa nei de himel te sjen? Dy Jezus, dy't no by jimme wei nei de himel opnommen is, sil op 'e selde wize weromkomme as jimme Him nei de himel tagean sjoen hawwe.

SJONGE: 701:1,2,3 EN 4

1.) Sy sit as In fû-gel, brie-dend op it wet-ter,
sweev-jend oer de ga-os fan 'e ear-ste dei.
Sy such-tet en sjongt, mem fan hiel de skep-ping,
wach-tsjend om te ber-njen wat it wurd aanst seit.

2.) Sy sweeft oer de ierde, giet wêr't se mar gean wol,
skynsel ûnder minsken, ljochtflits troch de loft;
sy fynt memme skurte, wûnder o sa wolkom,
soarget yn 't ferburgen; nimmen dy't it sjocht.

3.) Sy dûnset fol fjoer, fernuveret wa't har sjogge:
stomme tongen sprekke dat it sa wat docht!
Sy stipet, besielet alle iepen herten,
net mear op te kearen, nea ta swijen brocht!

4.) Want sy is de Geast - sa wol God der wêze -
jefte fan ús Rêder, ivich leafdesfjoer;
de kaai dy't de skrift iepenet en ferklearret,
fijân fan ús sleauwens, himeldo ús stjoerd.

PREEK

SJONGE: 665:1,2,3,4 EN 5

1.) Wy bin - ne bliid om Kris - tus' wil,
want God, dy't wie en wê - ze sil,
waard yn it fleis ús ie - pen -bier
en mak - ke him as min - ske wier.

2.) Lof Him, dy t troch de Geast foargoed
rjochtfeardige_is en dy't ek hioed
noch libbet yn 'e minskebern,
elk minske-each kin Him wer sjen,

3.) de Hear dy't nei de himel fear
- gjin minske dy't dat ljocht fernearet -
en by Gods ingels thúskaam is
yn 't ljocht fan syn ferrizenis.

4.) Hy is oanwêzich yn it wurd,
dat ta syn blide boade wurdt,
it is de hiele wrâld oer gien
en seiniget ús ien foar ien.

5.) Wy binne bliid om Kristus' wil,
dy't opfoer en wer komme sil,
dy't strieljend hearsket op 'e troan,
ús takomst is - Gods eigen Soan.

TANKBEA, FOARBEAEN, STIL GEBED, IT 'US HEIT'

SLOTLIET: 670:1,2,3,6 EN 7

1.) Kom Skep-per God, o hil - li_ge Geast,
kom yn de min-ske-her-ten del,
sy haw-we_al-tyd jo skep-sels west,
wer-skep har út jo lib-bens-wel.

2.) As treaster komme Jo ús oer,
as balsem foar ús earme siel.
O libben wurd, o lôgjend fjoer,
o jou ús oan jo leafde diel.

3.) Ferljochtsje Jo ús wif ferstân
en meitsje_ús hert ta leafde ree,
lied mei jo mylde fêste hân
ús swak bestean nei wisser stee.

6.) En meitsje_ús leauwe fêst en klear,
dan sille wy de Heit ferstean
en Jezus Kristus, Soan en Hear,
o Geast, Jo dy't út beiden gear.

7.) Lof oan de Heit, lof oan de Soan
as earste út de dea ferriisd,
de Treaster lof op hege toan,
in altyd duorjend earbewiis.

SEGEN

OARGELSPYLJEN